

Yn 'e MIENSKIP

Wethâlder Aant Jelle Soepboer op besite yn Holwert

"Holwert lit kear op kear sjen dat it in doarp is dat fearkrêftich is. Mei inoar witte hja it bêste der út te heljen en úteinlik wat moais te berikken. Ik ha djippe bewûndering foar alle minsken dy't har hjir frijwillich ynsette foar it MFA, foar moaie projekten, foar it doarp en de mienskip!"

Holwert oan See

De útspraak fan Deputearre Steaten oangeande it projekt Holwert oan See, hat in soad twei brocht. It bestjoer jout oan ferlet te hawwen fan in helder stânpunt fan de gemeente as ien fan de partners binnen it projekt. Wethâlder Soepboer leit út dat er gjin ynhâldlik portefúlgehâlder is en dat er om dy reden gjin útspraken dwaan kin oer de ynhâld en it proses. Hy kin wol de soarch en sinjalen meinimme rjochting it kolleezje.

Wachtsje op Heech Wetter

De bylden bliuwe yn Holwert. Provinsje en gemeente hawwe dat mei-inoar regele mei de keunstner.

MFA

It MFA yn Holwert wurdt folslein rund troch frijwilligers. It hjoeddeistich bestjoer fan it MFA makket him soargen oer de helberens fan dizze wurkwize foar de kommende jierren. De ferfanging fan de sportflier en de stigende enerzjyprizen freegje op 'e nij de nedige ynset yn de syktocht nei it finen fan finansieringsboarnen. Se freegje de wethâlder mei harren mei te tinken oer mooglike oplossings.

Doarpsbelang

De ûntwikkelings om it rekreaasjebelied hinne, de Holwerter Pier, nijbou en subsydzjemoglikheden foar de nije ferljochting foar de Sint-Willibrordustsjerke kamen te praat. It bestjoer jout de wethâlder mei dat se graach oan de foarkant belutsen wurde te wollen by de plannen foar de leechsteande Ploos fan Amstelskoalle en de Tsjelke.



De besites oan de doarpen binne in ûnderdiel fan de nije oanpak fan it hjoeddeistige kolleezje: de kontaktwethâlder ûnderhâldt, tegearre mei de doarpekoördinator, nau kontakt mei de doarpen en wiken binnen ús gemeente. By dizze besite komme der allegearre ûnderwerpen oan 'e oarder.